



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein, 28 juny 2009



Tsjinst fan de tarieding

Yn dizze tsjinst leverje

amtsdragers in bydrage dy't se ek brûkt hawwe as iepening of sluting fan in tsjerklike gearkomste. Ds. Wagenaar liedt de tsjinst yn, sprekt gebeden út en lit lieten sjonge dy't hiel goed passe by it tema: "Stil wurde". Sa ûntstiet



in bysûndere sfear yn 'e tsjerke. De fuortgong fan de tsjinst wurdt in skoftke ûnderbrutsen om't flak foar de preek immen net goed wurdt en foar ûndersyk nei it sikehûs moat (gelokkich foel it efterôf mei).

Berneneventsjsjinst

In groepke bern giet mei nei de berneneventsjsjinst. Hja krije it ljochtsje en de bernebibel mei.



Tsjinst fan de skriften

1^e lêzing: 1 Keningen 19 : 1-13a

2^e lêzing: Matteüs 14: 13 en 14 en 22 en 23

3^e lêzing: út it deiboek fan Etty Hillesum: 'Het verstoorte leven' 18 mei 1942

Preek:

De preek wurdt hâlden troch de foarsitter en is de iepening fan in eardere tsjerkkeriedsfergadering. It giet oer: '**Stil wurde**'. Yn in wrâld mei safolle leven om ús hinne is it goed om sa no en dan stil te wurden, te meditearjen om by josels en by God te kommen. Om op azem te kommen en te besjen as dingen miskien ek oars moatte. Ek Jezus siket gauris de stilte om te bidden en ien te wêzen mei syn Heit.

Tsjinst fan it dielen

1^e Kollekte: misjonêr wurk

2^e Kollekte: tsjerke

Tankgebed- foarbeden- stil gebed.

We tankje God foar de berte fan in dochter by Marco en Ingrid Dol. Der wurdt foarbea dien foar Siep de Jong en syn neisten. Juster is syn frou Martha hjir te hûs brocht.

Foar minsken dy't siik binne is bidden:

Cees Verbeek, Jikke Bouwma, Abe Reitsma,

Frou Vroom, Trudy Vink

We beslute mei it 'Us Heit'.



BLOMMEN

De blommen giene nei Marco en Ingrid Dol fanwege de berte fan harren dochter Nynke.

It blomstik wie makke troch Etsje Posthuma

Meiwurkers

Foargonger: ds. Hinne Wagenaar
Oargelist: Bram Postmus
Gebed by de iepening fan de Bibel:
Geartsje vd
Meer (Gesang 484)
Preek: Teake Posthuma
Wurden foar de seine: Gjalt Lindeboom
(fakânsjeseine)
Koster: Janny Smids
Alderling fan tsjinst: Jelle de Jong
Diakens: Hinke Meindersma en Wybren
Jongbloed
Berneneventsjinst: Sietske Visser

Foardat dûmny ús ek de seine jout sprekt
diaken Gjalt Lindeboom de wurden:

*'Laat God je onafscheidelijk vergezellen
en je begeleiden op al je wegen;*

.....

*Laat Christus de staf zijn in je hand
En de richting van elke voetstap;*

.....

*Laat de Geest voor jou zijn als de wind
Die je brengt op wegen van vrede.*

.....

Wees gezegend, gean mei God, a Dieu!

